

De Stifting Fryske Akademy docht mear as 85 jier wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydisziplinêr ûndersyk leveret de Fryske Akademy fernijende bydragen oan it ynternasjonaal wittenskiplik debat, draacht by oan it akademysk klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en generearret ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de maatskippij. Op dizze wize wurket de Fryske Akademy oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike ympakt en basearre op in sterk engaazjemint mei Fryslân en de Friezen. De Fryske Akademy is stevich yn de regio ferankere en is liearre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW).

It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen (Mercator) is oprjochte op inisjatyf fan de Europeeske Kommisje en sûnt 1987 in ûnderdiel fan de Fryske Akademy. De misje fan Mercator ûnderskriuwt en fersterket de oerkoepeljende misje fan de Fryske Akademy, troch in spesifike fokus op it ûndersykjen, fersprieden en tapassen fan kennis op it mêd fan meartaligens en taallearen, benammen oangeande meartalich ûnderwiis en belied. Mercator rjochtet him op it gebiet fan minderheidstalen yn Europa en makket gebrûk fan Fryslân as laboratoarium fan meartaligens. It wurk omfiemet net allinne autochtoane minderheidstalen, mar ek migrantetalen. Troch wittenskiplike resultaten nei de praktyk te bringen, ferfollet Mercator boppedat in brêgefunksje. It wurk wurdt mooglik makke troch subsidzje fan de Provinsje Fryslân en projektsubsydzjes út programma's fan de Europeeske Uny. Mei oare wurden, Mercator bringt Europa nei Fryslân en Fryslân nei Europa!

Foar it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen
sykje wy in

Undersyksmeiwurker

22,8 oeren wyks / 0,6 fte (of mear)

Do wurkest mei oan nije en besteande projekten bygelyks op it mêd fan meartalich ûnderwiis. Fierder silst yn gearwurking mei ynternasjonale relaasjes Regionale Dossiers skriuwe en redigearje.

Wat silst dwaan?

- Meiwurkje oan ûndersyk op it terrein fan meartaligens en taallearen (regionaal en ynternasjonaal);
- Meiwurkje oan besteande aktiviteiten bygelyks foar de opbou fan in kennisbank

-
- op basis fan ûntwikkele produkten út projekten;
 - Yn gearwurking mei de projektmanager rinnende projekten koördinearje en stypje;
 - Yn tiimferbân kongressen en seminars organisearje;
 - Mei-skriuwe oan artikelen en items foar nijsbrieven.

By dizze funksje leit de klam op ûnderwiisprojekten dy't meast in ynternasjonale kontekst hawwe en it redigearjen fan Regionale Dossiers.

Funksje-easken

- Universitêre masteroplieding op it mêd fan ûnderwiis(kunde), taal en/of meartaligens;
- Underfining mei it skriuwen fan akademyske artikels is in pree;
- Underfining mei ûndersyk en projektmjittich wurkjen;
- Bekend mei autochtoane minderheidstalen yn Europa en ûnderwiis;
- Kennis fan en affiniteit mei kultueredukaasje foar jongerein is in pree;
- Tige goeie redaksjonele feardigens yn it Ingelsk;
- Beskikke oer poerbêste sosjale en kommunikative feardichheden;
- Selsstannich wurkje kinne;
- Behearsking fan it Frysk yn skriuwen en sprekken, of de reewilligens om dat te learen.

Oanstelling

De oanstelling is tydlik, foarearst foar in jier. Ôfhinklik fan oplieding en wurkûnderfining is it salaris by in folslein tsjinstferbân op syn meast € 4,484,- smoarch yn 'e moanne (UFO-profyl ûndersyksmeiwurker nivo 3, skaal 8, cao Nederlandse Universiteiten), eksklusyf 8% fakânsjeild en 8,3% ein fan 't jier-útkearing.

It wurkplak is op de Fryske Akademy te Ljouwert.

Oer de Fryske Akademy

De Fryske Akademy is it wittenskiplik ûndersyksynstitút dat ûndersyk docht nei de Fryske kasus en nei Europeeske minderheidstalen (ûnderdiel Mercator). It ynstitút foarmet de kearn fan de akademyske frisistyk yn Nederlân en fan kennis fan minderheidstalen yn Europa, en is stevich ynbêde yn de lanlike en Europeeske ûndersyksynfrastruktuer. De

Fryske Akademy is liearre oan de KNAW en wurket nau gear mei KNAW-ynstituten en universiteiten. As relatyf lyts ynstitút mei in grut netwurk en grutte ambysje, hawwe wy in bysûndere posysje, dêr't yn frijheid ûndersyk dien wurde kin. Wy wurkje yn in platte organisaasje, dêr't meiwurkers selsstannich, selsstjoerend, selsachtsjend, mei entûsjasme en passy op kollegiale wize gearwurkje.

Wolst mear witte?

Mear ynformaasje oer de funksje-ynhâld is te krijen by dr. Jelske Dijkstra, projektmanager, op telefoannûmer 06 44 32 41 97 of fia it e-mailadres jdijkstra@fryske-akademy.nl. Sjoch ek ris op fryske-akademy.nl en mercator-research.eu.

Wolst sollicitearje?

Dan kinst dyn motivaasjebrief mei cv, foar 17 novimber 2025 stjoere oan dhr. Anne Mulder, ôfdieling HR, fia it e-mailadres wurkje@fryske-akademy.nl, û.f.f. 'Mercator 2025'.



Akwisysje nei oanlieding fan dizze fakatuere wurdt net op priis steld.